

Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats



© Foto Atse Bruin

Pastorijpleats

Tsjaerddyk 49

Njonken de tsjerke yn Folsgeare stiet in pleats dy't de "pastorijpleats" neamd wurdt.

Yn'e tiid fan'e kerstening fan Fryslân, sa om it jier 750 hinne, waarden der hieltyd mear tsjerken stichte. By de stichting fan'e tsjerke hearde in pastorijpleats. Dit wie al yn 819 fêstlein yn in hânfest fan Lodewijk de Vrome. Hy stelde fêst dat by eltse te bouwen tsjerke, in pleats yn fol bedriuw lizze moast, foar de pastorijsjerke en de pastorijsjerke. De pleats wie foar it ûnderhâld fan'e pastoar. It ûnderhâld fan it pastorijsgebou yn it algemien, lykas fan'e tsjerke en'e toer, waard bekostige út it tsjerkeguod (patroansguod). Gauris wie de pastoar net allinne preester mar ek boer en it mist net dat yn Fryslân hy gauris frou en bern hie.

Mei it ûntstean fan it doarp Folsgeare, kaam der ek in tsjerke mei in pastorijspleats. Dat der hat al iuwenlang in pleats op "likernôch" it plak stien, dêr't de hjoeddeistige pastorijspleats stiet. De âldste pleats wie nei alle gedachten in langhûs (te fergelykjen mei de museumpleats yn Warten).

Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats

De âldste gegevens dy't wy hawwe fan'e pastorijpleats binne fan 1511. It lân dat by de pleats heart, is 48 pûnsmiet grut. Dat tsjut op in begoedige parochy. It lân leit yn'e Nieuwlander polder noardlik fan'e pleats en letter sil it lân yn it Marlân súdlik fan'e Tsjaerddyk der oan tafoege wurde.




De pastorijpleats nêst de tsjerke

Tusken de oprydleane fan'e pastorijpleats en de tsjerke wie in brechje, de pastoar koe altyd hurd nei de tsjerke.

foto Harmen Wiersma

Yn 1511 is it lân ferdielt yn 'Grasland, Hoijland en Saedland'. It 'Grasland' leit tusken de Tsjaerddyk en it Middelpad. 'Het Hoijland' súdlik fan'e Tsjaerddyk yn 'Die Meeren' mei in lyts perseel noardlik fan it tsjerkhôf. It 'Saedland' leit lâns it Middelpad.



Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats


It foarhûs fan'e hjoeddeistige pastorijpleats sil boud wêze om de 17^e / 18^e iuw hinne. Yn it tsjerke argyf stiet yn it jier 1746 by de útjeften de post "Betaald voor onderhoud van huys van de Pastorijs Zathe".



De skuorre fan'e pleats is neffens in tinkstien yn'e muorre wer opboud yn 1873. Yn it tsjerke argyf wurdt in opmerking makke dat de earder boude skuorre troch brân ferwoastige wêze soe.

Situaasje
1832

Afb kadaster



Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats

Yn de lytsere parochy's is de pastoar sels boer, as de pleats grutter is en de parochy riker, ferhiert de pastoar de pleats. Sa ek yn Folsgeare. Yn it "Register van Aanbreng" fan 1511 stiet te lêzen dat pastoar Hear Wijerd de pleats yn dat jier ferhiert oan Claes Olgertz.

Nei de reformaasje wurde alle besittingen fan tsjerken en kleasters troch de Steaten fan Fryslân "oernommen" en bliuwt de funksje fan'e pastorijpleats gelyk.

De pleats wurdt no brûkt foar de beleaning fan'e dûmny. Der steane dan ek dûmny's yn it tsjerke argyf dy't de ivige rinte (grûnpacht) betelje.

Yn de âlde tsjerkeboeken lêze we dat yn'e jierren 1744, 1745 en 1746 de iuwige rinte net mear opbrocht wurde kin troch de " sterfte van't rundvee ".

De hiele 18e iuw hat de feepest grutte skea oanrjochte yn trije perioades, nammentlik yn 1713-1719, 1744-1765 en 1769-1786.

Yn'e tiid fan'e twadde feepest binne fan begjin 1745 ôf oant 1 septimber fan dat jier yn hiel Fryslân 64.596 kij en 44.000 jongere bisten stoarn oan'e feepest.

Yn de tiid dat it fee op stâl stiet, falle de measte slachtoffers.

Der wurdt roaid dat yn Fryslân yn dizze bewuste perioade fan 1745, 70% fan it tal kij, rieren en pinken stoarn binne, 10% is better wurden en 20% is sûn bleaun.

Hierders (pachters) fan de Pastorijpleats:

1511 Claes Oltgertz	1803 Lolke Jacobs
1580 Dominus Benthó	1826 Wiebren Lolkes van Wieren
1640 Hoyte Wybes Foeckama	1833 Ids Goises Damstra
1692 Ds Johannes Gosliga	1854 Albert Tetmans Steensma
1700 Yme Jans	1881 Eile H. van der Gaast
1716 Claes Gerbens	1910 Willem J. Twijnstra
1728 Claas Gerrits	1926 Andries Wiersma
1744 Ds P. Wigeri	1968 Harmen Wiersma

Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats



foto: argyf Wybren Sweering

Jannewaris
1932, links
tusken de
beammen
troch, de
pleats mei it
stookhok

Willem Twijnstra
oan it melken
yn'e jister by de
pleats

foto: argyf DB



Harmen Wiersma, de lêste pachter fan'e
pastorijpleats, oan it stront útriden

foto Harmen Wiersma


Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats



Harmen Wiersma yn it hôf, 1950

de stâl fan'e pastorijpleats



foto's Harmen Wiersma



Siep Wiersma, omke fan'e hjoeddeiske
bewenner Andries Wiersma

Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats

Net eltsenien koe boer wurde op'e pastorijpleats. Yn it foarste plak moatte de hierders lidmaten fan'e Nederlânsk Herfoarme tsjerke wêze. Dêrneist, neffens in advertinsje yn'e Ljouwerter Krante fan 1925, fan rjochtsinnige belidenis en fan ûnbesprutsen hâlden en dragen wêze.

Nêst harren taak as boer, hiene de hierders ek ferplichtingen oan'e tsjerke. De boer moast om de pear jier in karre mei fêste stront nei de pastorijtún fan Easthim bringe. Mei izeren tsjillen oer de jarrekolk ride, wie ferbean. Under de tsjerketsjinst krije it reau en de hynders fan it tsjerkefolk in plak op'e pleats, dêr't de boer op passe moat. Foar de bern dy't mei helpe de hynders yn te spannen, is dit in lukrative saak want in boer jout somtiden wol in dûbeltsje as syn hynder it earste klear stiet.

It byhearrende hôf waard yn âlde tiden ek gauris brûkt as lokaasje foar it folksfeest en stie destiids fol mei appel- en parrebeammen.

Feest yn it hôf, 30 april 1959

foto Harmen Wiersma



De pastorijpleats is yn 1971 oanwezen as ryksmonumint

foto: Atse Bruin



Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats

Yn 1972 is de pleats fan'e tsjerke oankocht troch Harmen Wiersma en Durkje Wiersma – Nauta.

Yn dizze perioade wurde in soad pleatsen troch de tsjerken ferkocht yn ferbân mei it hieltyd djoerder wurdende ûnderhâld.

Yn 2009/2010 is de pleats hielendal restaurearre en werom brocht yn âlde styl.

Sa kamen ûnder mear de âlde finsterlûken, dy't as lewant op'e souder brûkt wiene, wer werom op it goede plak: oan'e binnenkant fan'e ruten yn'e opkeamer.



Yn'e opkeamer hinget in besûnder efterglêsskilderij boppe de skoarstienmantel. It skilderij lit it offer fan Abraham sjen. Ekstra besûnder, om't op dit soarte fan skilderijen meast net Bibelske tafrielen, mar blommen of in skip ôfbylde waarden.

foto's Wytske Heida

Yn 2010 binne Andries Wiersma en Corine Slim de nije eigners fan'e pleats wurden.



Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats



De orizjinele doar nei it saneamde spekhok op'e souder fan'e pleats. De slachter en de boeren fan it doarp brochten hjir gauris harren fleis om it rikje te litten.

foto's Wytske Heida 2021



Dorpscanon van Folsgeare

Pastorijpleats

Troch de ferbreeding fan'e Tsjærddyk is it hôf lytser wurden. De âlde fruitbeammen binne ûnderwilens troch âlderdom ferdwûn.

Lykwols, der binne de ôfrûne jierren wer in pear fruitbeammen as bertebeam foar de bern fan Andries en Corine oanplante (sjoch foto), wêrûnder in 'Durkjeper' beam.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin, argyf Wybren Sweering, argyf db Folsgeare, Harmen Wiersma, Wytske Heida

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.